

Parseberjocht

Pjutte-opfang 'Peuterpret' yn Raerd behellet sertifikaat foar twatalich wurkjen

Op moandei 28 jannewaris wie it feest op pjutte-opfang 'Peuterpret' yn Raerd. De lokaasje fan Kids First wurket sûnt begjin 2017 mei in belied dat der op rjochte is de twatalige ûntwikkeling fan jonge bern te stimulearjen. Sy hawwe it sertifisearringstrajekt no ôfrûne en hawwe dat mei elkoar fierd. Riemkje Pitstra hat in Tomkeferhaal ferteld, mei de ferteljas oan. Dêrnei kaam Stella van Gent del, wethâlder fan Súdwest Fryslân, om it sertifikaat 'Boartsjendewei in taal derby' oan de pedagogysk meiwurksters te oerlangjen. De wethâlder sei yn har taspraak: "Dizze lytse bern binne de takomst. It is júst foar harren belangryk dat sy mei it Frysk yn oanrekking komme. Prachtich om te sjen dat pjutte-opfang Peuterpret dat sa serieuus oppakt en himsels no offisjeel twatalich neame mei."

Peuterpret en twatalichheid

Pjutte-opfang Peuterpret falt ûnder Kids First. Dy organisaasje fersoarget ûnder oaren pjutte- en berne-opfang yn in grut part fan Fryslân. In grut oantal fan har lokaasjes wurket mei in twatalich belied.

Peuterpret hat in romte yn it doarpshûs fan Raerd. It twatalich belied wurdt as folget foarmjûn: Nynke praat Frysk mei elkenien en Gerda docht dat yn it Nederlânsk. Frijwillichster Atsje biedt it Frysk oan. Foar de beide talen is omtinken yn it aktiviteite-oanbod, lykas by it sjongen, it foarlêzen en it wurkjen mei praatpoppen. Troch de beide talen dúdlik fan elkoar te skieden, leare de bern de talen goed út elkoar te hâlden en kinne sy op lettere leeftyd bygelyks makliker in tredde en fjirde taal leare.

Der hat in saneamde fisitaasjekommisje op Peuterpret west te sjen. Der wurdt sjoen nei ûnder oaren it taalbelied, de taalomjouwing en it pedagogysk taalklimaat. Oer de taalomjouwing skriuwt de komisje ûnder oaren: *'De liedsters hawwe in protte feardichheden om mei it oanwêzige materiaal en middels goed út de fuotten te kinnen mei de pjutten. Dat de liedsters profesjoniel wurkje en tinke blykt yn it neipetear oer it ûnderdiel taalomjouwing. De liedsters tinke mei en stean iepen foar opmerkings,*

ferbetteringen en 'tips'. En oer it pedagogysk taalklimaat: *'In lyts groepke pjutten giet mei liedster Nynke oan de hege tafel sitten; sy meitsje in nifelwurkje. It giet der noflik om en ta.*

De pjutten en liedster Nynke beprate fan alles ûnder it plakken en kleurjen. Foaral oer hoe it wurkje der út sjen kin. De oare pjutten binne oan it puzeljen of mei auto's en blokken oan it boartsjen. Liedster Gerda is yn petear mei in 'lytse boer'. Sy binne tegearre oan it buorkjen. De pjut rydt sebeare mei in trekker en in ladewein oer it boerehiem en giet tegearre mei liedster Gerda by alle bisten del. Sy prate oer wat de bisten ite en hoefolle iten nedich is foar de grutte en de lytse bisten. In prachtich taalmomint.'

By it sertifisearringstrajekt krijt Peuterpret begelieding fan it SFBO kennisintrum meartaligens jonge bern. By it SFBO binne rom 250 bernedeiferbliuwen en pjutte-opfanglokaasjes oansletten en dat oantal groeit noch altyd.

----- *ein parseberjocht* -----

Kontaktgegevens:

Peuterpret

Buorren 30
9012 DH Raerd

Foar mear ynformaasje kinne jo terjochte by:

Jitske Krol, SFBO kennisintrum meartaligens jonge bern
j.krol@sfbo.nl
06 41304271